

De learsume foarskiednis fan Frysk en Frij

WAT FOLLE seit, moat folle wier meitsje. Dêr ûntkomt deputearre Liemburg net oan yn de Ljouwter fan 20 jannewarje ûnder „Te gast”. Se skriuwt oer it oansjen dat Klaas Jansma Frysk en Frij joech yn de begjintiid fan it blêd en de oanpak fan Sietse de Vries om '83 hinne. En dat dy beide, oansjen en oanpak, nochal ferskille fan dy yn de jierren dêrtusken en dêrnei.

Te gast

durkje rienks-wallinga

skriuwster selskip foar fryske tael en skriftekennisse te Ljouwert

Dat kin bêst wêze, allinnich yn de begjintiid fan Frysk en Frij wie Klaas Jansma noch net ienris op kommende wei. Neffens de Ensyklopedy is hy yn 1949 berne te Ychten. It earste nûmer fan Frysk en Frij is ferskynd op 25 maaie 1945, fjouwer jier dêrfoar. Klaas Jansma sil in foarlik jonkje west hawwe, dat wol my daliks oan, mar sa bot sûnder mis net.

De deputearre sei fierder, dat it útjaan fan in Frysktalich

wykblêd nea bard is om't it noait út kin. „Der moat jild by”, wie har opmerking.

„Nea” is fansels in rûm begryp, mar de wrâld is net pas begûn te draaien, doe't de deputearre hjir de eagen foar it earst iependie. Drukkerij Eisma hie foar de oarloch mei de útjefte fan it wykblêd Sljucht en Rjucht bewiisd, dat har nea nearne op slacht. Kontinûiteit, trochbestean dêr't de deputearre sa fier mei rint, telde doe ek. Fiifenfjirtich jier, it kin net samar wei-toest wurde.

Oft der jild by moatten hat? In jildwinning wie it yn alle gefallden net, mar krekte sifers kin ik as âldsammelster (redaktrise soene wy no sizze) fan healwei 1937-1942 net jaan. Fiifhûndert abonnees, dêr siet it omhinne, moasten it abonnemintsjild opbringe en dat kin ûnmooglik fetpot west ha. It wie myn saak ek net, mar wol siet ik mei de útjouwer om Aldjier hinne yn spanning hoe't it mei de betankjes betearre soe. Likegoed, doe't dy freedtemoarns tsien maaie de Dútskers it lân ynfoelen en de moed my yn 'e skuon sakke, wie it Eisma dy't sei: „Sljucht en Rjucht moat trochgean.” Hy woe der gjin wurd oer hearre, al wie it mar ien nûmer, útfolle te litten. Hy krige syn sin. Oan 1942 ta, doe wie it út.

Yn 'e oarloch stapte in espeltsje Friezen út de Beweging byinoar om meiïnoar oer te lizzen wat sa gau mooglik oanpakt wurde moatte soe as wy wer frij wiene. Dêr hearde it útjaan en nei bûtenbringen fan it iene of oare tydskrift alderearst by. By de oergang nei 1942 hiene de

de oergang nei 1942 hiene de Dútskers it near lein op alle Frysktalige útjeften, dy't hja oan dy tiid ta gedoogd hiene. It iennichste Frysktalige wykblêd Sljucht en Rjucht foel dêr fansels ek ûnder. It lei yn 'e reden, dat dat by it oerlis nei foaren skood is. De útjouwer waard der like fanselssprekkend yn behelle, dy koe net foarbyrûn wurde.

It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse mei foaroman ds. J. J. Kalma, it Roomsk Frysk Boun en It Boun fan Frysk-Nasjonale Jongerein spanden har der mienskiplik foar. Hja woene wol tydlik mei in wykblêd begjinne, mar der stie har hiel wat oars en mear foar eagen. Gjin Sljucht en Rjucht. In Frysk nijsblêd op brede basis soe it op ta moatte. Yn earsten behindich, it papier wie tige krap.

Njonkelytsen soe dat útdije kinne ta twa- trijeris wyks. En dan noch fierder. Oan kristlike kant diene se net mei, dêr woene se op harsels bliuwe. Mar wat net wie, koe komme. De trije selskippen waarden de útjouwers, Eisma de printer. It sil him oandear ha, de namme Sljucht en Rjucht moast er ynruilje foar Frysk en Frij.

Dy nammeferoaring fan Sljucht en Rjucht ta Frysk en Frij bestjut hiel wat as men jin der yn jout. Foar alle gearre frijer, rûmer útsjuch, foar Eisma ek it ôfskie fan in stik fan syn libben.

Op side 353 fan Skiednis fan de Fryske Beweging, skriuwder Sjoerd van der Schaaf útiûn yn

1977 is it earste nûmer fan it wykblêd Frysk en Frij ôfbylde.

Van der Schaaf jout yn in ûnderskrift fan in rigel of fjouwer oan, hoe't it ferrin west hat. Yn it boek sels is dat fierder útwurke. De grutte opstiging fuort nei de oarloch hat, moat men oannimme, gjin basis hân dy't stevigernôch wie. De wyldgroei oan Fryske kriteen yn 'e oarloch belune njonkelytsen en hieltiden mear. It tal abonnees op Frysk en Frij sakke dêrmei oant it blêd it oerjaan moast. In jier of wat dêrnei is it op 'en nij útkommen ûnder in stiftingsbestjoer mei de namme Jacobus van Loon. It is hâlden en kearen wurden oant it blêd yn 1987 de gút naam en redaksje en bestjoer neffens it nûmer fan 19 desimber mienden mei tefredenheid tebeksjen te kinnen. Oant se op 11 desimber in rare domper krigen. De nije deputearre Liemburg fan de PvdA sei doe út namme fan it kolleezje fan deputearre steaten it bestjoer fan de stifting oan dat as it oan it kolleezje leit mei yngong fan 1989 alle provinsjaal subsidzje oan it wykblêd yn ien kear ynluetsen wurde sil. De reden wie dat Frysk en Frij neffens it kolleezje te min abonnees (5000) hat.

Kordaat, foargoed in nije biezem. In nije biezem, dy't lykwols net allinnich skjinfeie wol, mar ôfbrekke om wat nijs op te setten. De Ljouwter Krante fan 7 jannewarje wit dat te melden. En dat - wylst it net de bedoeling is Frysk en Frij de nekke om te draaien.

In biezem hat gjin kop en dan moat men net te raar opsjen as

hy der yn omslacht as mâle Jan yn 'e hinnen, sa't ik de deputearre har dwaan betiteljen hearde. Iksels tocht, se fljucht derop yn as in bolle yn 'e reak. As wat de deputearre wol, wat betters opbouwe pas kin as Frysk en Frij der net mear is, kin de bedoeling wol net wêze Frysk en Frij de nekke om te draaien, mar bedoeling of net, dat draaien giet dan wol troch. En dat soe dan in PvdA-deputearre foar har rekken nimme. Ien fan wa't men yn jins ûnnoazelen mient dat dy foar de swakkeren opkomme sil. Dêr hat Den Uyl ommers oan syn dea ta foar stien!

„As wy it mei it Frysk goed miene dan moat it net mear lije kinne om't it Frysk is. Dêrmei dogge wy ússels te koart”, skriuwt de deputearre. Dêr jou ik har foarsafier gelyk yn, mar myn konklúzje is oars. It moat wat mear lije kinne, net om't it Frysk is, mar om't it Frysk ta de swakkeren heart. Yn alle opsichten.

As mei de mûle beliden twadde rykstaal wurdt it as in ferskoppeling yn in hoekje treaun en fernedere. Mooglikheden, dy't sels frjemde talen yn Nederlân krije, wurde it Frysk ûntkeard. By it fuortset ûnderwiis, ek by de pabo's dy't de learaars leverje moatte foar it basissûnderwiis, kinne se it Frysk der by de oare fjirtjin fakken net mear by brûke, neffens Ginjaar-Maas, de steatssiktaris.

Wêr moat de taalbefoarding dan wei komme? Dêr is de PvdA dochs foar? PvdA pas op ús saak, pas op it Frysk!